

Lockdownleafde

## Kolofon

Yn de Fryske Boekewike, 6-14 maart 2021  
kaam *Lockdownleafde* út as kadoboek.  
Der waarden twa printingen fan makke.

ISBN: 978 94 6365 308 4  
1e printinge maart 2021  
2e printinge maart 2021  
3e printinge maart 2021  
© 2021, Hilda Talsma

Eksimplaren binne te bestellen fia de boekhannel  
of streekrjocht by de útjouwerij:  
Uitjouwerij Elikser  
Ossekop 4  
8911 LE Ljouwert  
[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra  
Foto auteur: Siska Kroondijk

Neat út dizze útgefste mei fermannichfälde wurde, opsliein yn automatisearre  
gegevensbestannen en/of iepenbier makke wurde troch middel fan druk,  
fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, súnder foarófgeande  
skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other  
means, without written permission from the author and the publisher.

# Lockdownleafde

Hilda Talsma





‘De leafde is in feestje, fier it alle dagen!’



‘Ewald jonge, wat leuk dat ik dij na al dy jaren oek wear un kear sien! Kom hier, ik wil met dy knuffele!’ Connie giet op ’e teannen stean en slacht de earm om syn nekke. Hy slacht ek mar in earm om har hinne want oars stiet er der wat ûnnoazel by. It is yndied lang lyn en hy freget him ôf wêrom’t se no krekt komt. Wat hat sy no mei de problemen tusken de Van Panhuysjes te meitsjen?

Connie lit him wer los en docht in stap tebek. ‘Bist presys soa’t ik mij dy foarsteld had na al dy ferhalen. En lykst sprekend op dyn fader toen-y jonger was, bist alleen wel un stuk groater. Dat hest fan dyn moekes kant.’

‘Gaan sitten, Connie,’ seit Paulus van Panhuys. ‘En do ek, Ewald.’

Hy wiist syn soan in plak oan en Ewald folget it befel op. Se sitte by de fergadertafel yn it kantoar fan syn heit, dus is it grif net foar de geselichheid dat er komme moast. It sil wol wer itselde ferske wêze as altyd.

Paulus giet oan it haad fan de tafel sitten en Connie sit tsjin Ewald oer. Se is lytser en âlder wurden, mar it hier is noch like wyt en har eagen twinkelje ek noch like ûndogens as eartiids. ‘Moai datst der oek even bij bist, Connie,’ begjint Paulus. ‘Ik weet dat ut un bitsje freemd is maar ik hoop dat jou nòch wat toefoege kanne an myn verhaal.’

‘Ik sal myn best doen, boskabouter.’

Ewald laket stikem en Paulus docht krekt as hat er it net heard. ‘Ik ha Connie derby frege omdat ik hoopje dat sy dy dûdlik meitsje kin wat ik no al skoften sis, mar watsto net leauwe wolst, Ewald! Ik ha skjin myn nocth fan al dy praatsjes dy’t oer dy en de klup troch de stêd galmje. Ik wird der hieltyd faker op oansprutsen hoe’t jim alle wykeinen nei slutingstiid boppe

de klup tekeargeane! Do en Johan, mar ek dy nije útsmiter, Klaas, jím gedrage jim as ... as, no ja, ordinêre sekspompen, wylst dy froulju wol libjende opblaaspuppen lykje! Jim ha dochs hooplik wol in bytsje mear respekt foar de froulju én jimsels?’

De reade plakken yn Paulus syn nekke wurde hieltyd grutter, mar Ewald fielt him, foar de safolste kear, net oansprutsen. It is in natuerlik ferrin fan saken en sa môl giet it hielendal net. Hy hat dan ek hielendal gjin ferlet om it der no wer oer te hawwen!

Paulus wachtet op in antwurd, mar dat krijt er net fan syn ûnferskillige soan. Segrinich keart er him nei Connie. ‘Sége jou nou maar welke ferhalen je al tiden over de klup hoare in ‘e kapsalon. Naar mij lústert hij tòch nyt.’

Connie rjochtet de rêch en giet der efkes goed foar sitten. ‘Kyk sien ... ik weet befobbeld dat ut bakte ei, dy Klaas Raak, un tydsje un relasy had het met dy Kyra en dat is wear un dòchter fan Meta en Meta komt bij mij te knippen. Meta het dy Klaas un kear naken sien toen-y ’m na ut doesen af ston te drogen en de deur nyt op slot deen had. As ik ut goëd begrepen hew dan is dy man wel twee meter hoog en un meter breed, dus kanst wel begripe dat Meta nòchal onder de indruk was fan syn foarkommen, foaral fan syn pylkjebuis. Se sei dat dat ding wel un trompet leek, dus kanst wel nagaan dat wij nyt mear bijkwamen! En su te horen blaast der geregeld iemand op dat ding!’ Connie álet it út, mar Paulus en Ewald sjogge beide like soer.

‘Nou ja, snapst seker self oek wel, Ewald, dat wij fan un heleboel dingen op ‘e hoogte binne en de ferhalen over dyn klup binne stukken spannender as Goede Tijden, maar daar

is dan oek helemaal niks mear an! Dus ja, ik kan ut mij wel foarstelle dat dyn fader over syn reputasy in sit, want dy is nyt al te best mear. Hij wurdt der oek op ankeken en dat begroat my wel want dy beste man het na dyn moeke noait wear naar un ander taald en dan mut-y al dy ferhalen over jou anhoare! En sukken as dy Kyra en Anita binne my der oek un paar, hoar! Soa te horen doëne dy meiden de benen earder wyd as dat myn Joop syn koffy opslurpt het en ik sal dy sêge, dy man kan slurpe! Meta fynt ut oek soa freeslek, al dy verhalen. Ut sal je dôchter maar weze! De relasy fan Kyra en dy trompettist het oek maar heel kôrt duurd. Ik hew hoard dat-y freemdg ging en dat Kyra hun betrapt het toen-y dy nieuwe fogel naar groate hoogtes brenge sú. Ut arme kyn was der kapot fan! Meta seit dat Kyra nou ferliefd op jou is, dus toen Klaas met dy Mus ging, fon se dat oek nyt soa erg maar nou mut ik der earlek by sêge dat Meta un groatere fantasy het as ...’

‘Wie dit it?’ falt Ewald har yn ‘e mûle. ‘En Klaas syn nije freondinne hjit Merel, net Mus.’

‘Nou ja, Merel of Mus, wat maakt ut út. Se hippe beide met gemak fan de ene tak naar de andere dus dat komt op utselfde near. Maar wat mij betreft was dit ut,’ seit Connie. ‘Of sal ik noch un paar anekdoates fertelle? Soa as over dy kear met jou, Johan en dy Anita? Soa’n sterk ferhaal hew ik in al dy jaren noch noait hoard! Ik wist nyt eens dat ut beston! Ik dôcht dat ut oek over un stuk broad ging of soa. Meensen noch an toe! Ik bin nyt gauw fan myn apropispo maar toen wel even, sêch ik maar earlek.’

‘Hâld alsjebleaft op!’ ropt Ewald. ‘Dat der allegear praatsjes rûngean, kin ik neat oan dwaan en ik begryp ek net wêr’t se weikomme! De klup hat noch noait sokke hege omsetten

helle en we libje net mear yn it jier nul! Dat heit yn it ferline hingjen bleaun is, is net myn probleem!’

Ewald rint eagenskynlik kalm it kantoar út, mar as er op 'e gong stiet flokt er in pear kear lûd.

‘Must dy an 'e ene kant oek nyt druk make om wat un ander seit, jonge. Maar an de andere kant het dyn fader wel un bitsje gelyk want ut praat gaan best al lang in 'e rondte.’ Connie leit in hân op syn skouder en Ewald draait him om. Hy hie net yn 'e gaten dat se achter him oanrûn wie.

‘Hoe giet it eins mei dy en Joop? En Bonnie? Ik ha heard dat Peter stoarn is?’

‘Ja, kyn! Hy is der soamar tussenút pypt. Bon was der helemaal af maar gelukkech het se wear un leuke man troffen. Maar dat is un heel ferhaal, dat fertel ik noch wel un kear ... Hé, kom anders un kear bij mij te knippen! Dat sú gesellech weze! Ik kan oek wel bij jou komme want ik knip dyn fader oek altyd by hem thús. Hy gaat echt nyt in dat kipehok fan mij sitten, tussen al dy gekke wiven!’

‘Dat soe wol in kear kinne, miskien.’

‘Hoe gaat ut ferder met dij, naast alle drukte met dy meiden? De klup gaat as un speer, siest derút om op te freten, maar waarom hest eigenlek nòch noait un faste relasy? Daar súdest dy ouwe echt blyd met make!’

‘Wit ik net. Ik ha de wiere noch net troffen.’

‘Must dy wel affrage of de ware wel op soa'n wc-boy sit te wachten. Nyt elke vrouw het daar sin in! Hoe gaat ut met Emma- en-dy?’

‘Prima! Dy seurt ek altyd tsjin my oan! En it is in playboy, Connie. Dat is hiel wat oars! Ewald sjocht op syn nije Rolex. ‘Ik moat eins gean. Ik ha noch in soad te dwaan, hjoed.’

'Begryp ik, jonge. Gaan mar gauw wear an ut werk en as ik dy  
knippe mut, dan bist altyd welkom!'



# I

**'Laten we elkaar altijd met een glimlach ontmoeten, want de  
glimlach is het begin van liefde.'**

Moeder Teresa

'God ... pfft, dy stomme sitaten ek altyd!' Yrriteard skoot Ewald it giele briefke oan 'e kant en hy tapet in glês bier foar himsels achter de bar fan it restaurant, dat krekt tichtgien is. Hy nimt in slok en suchtet tefreden. Hjir wie er wol oan ta. Nei de earste slok giet syn tillefoan, mar as er sjocht wa't him bellet, smyt er de tillefoan wer op de bar.

'Nim no op!' Emma krijt de tillefoan en jout him oan har broerke.

'Mei Ewald.' Hy docht de tillefoan op 'e speaker en hâldt him triomfantlik omheech.

'As ik hear dat it dit wykein wer sa mâl giet, dan sikest mar oar plak foar dy klup fan dy! Moatst net ferijitte dat it pân noch altyd fan my is. Echt, Ewald, ik ha skjin myn nocht! Do bist no tritich jier en it wurdt heech tiid datst folwoeksen wurdst!'

'Bêst! Stjoer my mar fuort! Dan binne jim de publykslûker kwyt en kin heit wer hielendal op 'e nij beginne!'

Hy drukt de tillefoan út en drinkt yn ien swolch it glês leech. Mei in klap set er it op 'e bar. 'Der is hieltyd minder mei dy âlde seursek te wurkjen, it wurdt heech tiid dat hy mei pensjoen giet!' Ewald sil in nij glês bier taapje, mar Emma

hâldt de taapkraan tsjin. Hy sjocht mei minachtsjen nei syn sus dy't him it giele briefke ûnder de noas drukt.

‘Sjoch, dit ha ik hjir foar dy dellein! Want do kinst wolris wat faker laitsje ynsteet fan altyd sa segrinich te sjen!’ Se forseart in grutte glim, mar har eagen sjitte fjoer.

‘Wat moat ik altyd mei dy stomme briefkes! Dat dyn hiele hûs der fol mei hinget moatsto witte, mar fal my der asjebleaft net mei lestich! Ewald triuwt har oan ’e kant en tapet in glês bier dat er wer yn ien kear opdrinkt.

‘Do bist al in moai ein op wei om alkoholist te wurden ... ast it al net bist! Sykje it ek mar út mei dyn slachtoffergedrach! Dy stomme briefkes mei wize wurden helpe my de dagen troch, want ik soe net witte wa’t der oars ris wat sinnichs sizze sil yn ’e famylje Van Panhuys! En drink no asjebleaft net mear bier, want dan stiest hjir jûn wer healsmoar dyn wurk te dwaan en dat is hielendal net goed foar ús imago! Hast noch wat opstutsen yn de fergadering mei heit en Connie? Dat wie syn eigen idee hear, om har derby te heljen, net minent.’

Emma jout har broer in huf op it skouder en rint by him wei nei de klup. Hy giet achter har oan en it falt him neat ôf dat it al sa drok is. It is noch mar kertier oer alven, mar de dûnsflier stiet al reedlik fol. It is hast syn tiid om te draaien en hy rint alfêst nei de draaitafel ta. Om de oergong tusken him en de jonge ‘DJ Rocco’ net te grut te meitsjen, giet er neist it meagere mantsje stean. Rocco laket him bleu, mar tagelyk ek mei in soad bewûndering en ûntsach yn syn eagen, ta as Ewald de earms yn ’e loft goait en de seal fuortendalik op ’e kop stiet. De dûnsflier streamt ynienek hielendal fol. Hy moediget it publyk oan om Rocco in lûd applaus te jaan en bliuwt der noch in kertier by stean foardat er it fan him oernimt. Yn dy

lêste fyftjin minuten krijt sa'n jonge DJ it gefoel dat de wrâld oan syn fuotten leit, ek al is it wierskynlik noch in lange wei om dêr te kommen. Elke earste sneon fan 'e moanne jout er in beginnende DJ de kâns om yn harren klup te draaien en Rocco strielet grutsk.

'Lit jim hearre foar Rocco!' ropt Ewald troch de mikrofoan en de mannichte is útsinnich fan freugde. As Rocco syn plak ferlit, knikt er yn it foarbygean tankber nei Ewald. It is alle kearen wer in moai momint en Ewald is bliid dat er op dizze wize immen helpe kin. Mar dat it publyk hielendal gek wurdt as er sels wer achter de draaitafel stiet, dat makket him noch it meast grutsk! Hy stiet letterlik boppe de minsken en it jout him alle kearen wer in gefoel fan macht. Hy kin de mannichte mei de eagen stjoere en mei syn muzyk de sfear ta grutte hichte bringe. Krekt dêrom is Panhuys de populêrste klup fan 'e stêd! Net troch it gejank fan heit en Emma.

'Ewald!'

Hy sjocht op en Kyra stiet foar de draaitafel mei har nije cup DD te skodzjen.

'Kyra hat der wer nocht oan, Ewald!' Johan stiet achter him mei in fleske Spa blau op in blêd en klakt in pear kear mei de tonge.

Ewald laket flau nei Kyra en teloarsteld draait se har om. Se hipt wer nei de dûnsflier en lûkt har jurkje in eintsje omheech. Johan systeret lûd, mar Ewald sjocht it net iens.

'Jonge! Wat hasto jûn?' freget Johan ferheard. 'Normaal hiest no allang in tosty besteld!'

'Ik ha gjin honger. Ik ha thús goed iten.'

'O ja? Mei wa dan?'

'Allinnich. Ik ha Sineesk hân. En no ophâlde te eameljen, wy

binne oan it wurk.' Ewald draait de folumeknop iepen en de klup stiet op 'e kop.

\*

Johan set it fleske Spa blau op de draaitafel en rint mar wer nei de bar ta. Emma tapet it iene glês bier nei it oare en elke klant krijt in strieljende glim fan har. Johan rint deun achter har del en spielt de smoarge glêzen om.

'Wêr hat dyn broer jûn lest fan? It liket wol oft er mei de dei segriniger wurdt en dat begryp ik net, sjoen de drokte en de omset.'

'Hy is lilk op ús heit, se ha rúzje hân. Heit fynt dat er der in soadsje fan makket.'

Johan kin it hast net leauwe. 'Echt? Hoedatsa? Panhuys giet ommers as in spear!'

'It giet ek net om de sifers, mar om Ewald syn gedrach. Uteinlik is Ljouwert mar in doarp en de sosjale kontrôle grutter ast tinkst.'

'O dat bedoelst. No ja, wat makket it út, it is Ewald syn libben.' 'Jawol, mar heit hat dizze saak opboud. No ja, wy ha it der aanst wol oer, it is no fierste drok.' Emma makket trije cocktails klear en Johan hellet de koark fan in djoere flesse sjampanje.

'It is wer in folle bak, Emma!' ropt er. 'By de doar stiet in lange rige teloarstelde minsken dy't der net yn meie fan Klaas Raak. No ja, útsein guon kreaze famkes sa as dy dêr.'

De fjouwer freondinnen yn koarte strakke jurkjes rinne nei de bar ta, mar ien fan harren ken er net. Se liket ek net hielendal op har gemak te wêzen.

'Hoi Johan, fjouwer swieten, graach!' ropt Anita. 'Enne ... wat tinkst? Tosty spesjaal?'

'Dêr moatst mar wol op rekkenje, leave!' Hy skinkt fjouwer glêzen swiete wite wyn yn en mei in stoere glim set er de drankjes foar harren del.

'Dit is Johan, Anna. De kreaste barkeeper fan 'e stêd,' gibelet Anita en hy knypeaget nei har. Se knypeaget werom en Emma stompt him oan.

'Do bist like slim as Ewald en dat hat heit ek wol yn 'e gaten, hear! Ik soe mar op myn tellen passe as ik dy wie!' systeret se him yn it ear.

Johan negeart de lêste opmerking en giet fierder mei syn wurk. De froulju rinne nei de dûnsflier ta en hy sjocht harren mei in skean each nei. It nije frommeske is út oar hout snien as de rest. Hy skat dat se in jier as fifentweintich is, mar se is in stik bleuer as har freondinnen. Se is ek net sa hip as de oaren en hy krijt it gefoel dat se har op sleeptou nommen ha.

'Johan! Hâld op mei dy fleiskeuring! Dêr bist net foar oannommen!' ropt Emma boas.

'Ja, baas.' Hy rjochtet him wer op syn wurk achter de bar, mar betiden is it dreech mei al it moais dat der yn it Panhuys omspaant. Hy tapet, laket en flirtet, mar wilens hâldt er it groepke fan fjouwer noch altyd yn 'e gaten.

'Johan! Wat stiest no hieltyd nei dy froulju te luorkjen!'

Hy krijt wer in klap fan Emma en as se syn baas net west hie, hie er har in dreun weromjûn. As Emma in grutte bestelling opnimt, draait Johan de wiisfinger boppe syn holle yn 'e rûnte en hy hopet dat Ewald it sjocht. Hy hat it drekt yn 'e gaten en Johan wiist nei de dûnsflier, dêr't de froulju stean.

As Ewald harren sjoen hat, docht er de tomme omheech en  
giet Johan fierder mei syn wurk.

\*

De froulju stean by de dûnsflier en twa fan harren hippe  
fuortendalik tusken de mannicthe om dêrynen te ferdwinen.  
Anita krijt it nije famke by de hân, mar sy wol net dûnsje.  
Anita sjocht swier yrriteard nei har buorfrou en lit de skouders  
moedeelas hingje. Dochs bliuwt se al by har stean en dat fynt  
Ewald leaf fan har. Hy freget him ûf oft se miskien famylje fan  
elkoar binne, want se lykje wol wat op elkoar, mar oer sokke  
dingen praat er eins noait mei Anita. De froulju skarrelje  
nei in taffeltsje oan 'e râne fan 'e dûnsflier en wylst Anita  
meidinet op syn muzyk, sjocht it oare famke skruten om har  
hinne. Ewald hat achter de draaitafel wei moai it sicht op dit  
tafriel. Hy mei altyd graach de boel wat observeare, gewoan  
omdat er it nijs gjirrich fynt. It is spitich dat Emma tinkt dat  
er allinnich mar in oerflakkige playboy is, want hy kin ek bêst  
wol op in oare manier nei froulju sjen.

Anita krijt yn 'e gaten dat er harren yn it fizier hat en se wiuwt  
entûsjast nei him. Hy knikt koart werom, want hy wol sels  
net al te êntûsjast oerkomme, dat is net goed foar de hannel.  
Mar fan alle froulju dy't by him omdidelje, fynt er Anita it  
aardichst. Dêr komt by dat se hearlik sachte lippen hat, sawol  
fan ûnderen as fan boppen, en se rûkt altyd nei skjinne, frisse  
wask. It makket him hiel gelokkich, want it bringt him werom  
nei in tiid dat it ûnskuldige libben noch net yn helle wie troch  
testosteron en winsucht.

Anita krijt har buorfrou by de skouders beet en flústeret

har wat yn 't ear. Dérnei wiist se nei him. Op it momint dat syn eagen dy fan it famke kruse, ferskynt der in hiel leave, spontane glim op har ûnwisse gesicht. Har hiele wêzen klearret derfan op en sa hat se in ingeleftich gesicht. Ewald kin syn eagen net fan har ôfhâlde en as fansels glimket er har ek spontaan oan.

Johan hat alles wol sa'n bytsje folgje kinnen en hy stompt Emma oan. 'Hee, Emma, hast wol sjoen hoe't Ewald nei dat famke lake?'

'Nee, hoesa? Ik luorkje net de hiele jûn nei famkes, ik ha wol wat betters te dwaan,' byt se him ta. 'En do moatst efkes twa cocktails meitsje.'

**'A great man is the man who does something for the first time.'**

Alexander Smith

Ewald lêst it giele briefke flechtich foardat er it ferfrommelet en yn it jiskefet goait.

'Ha, wer ien fan Emma, seker,' laket Johan.

Ewald leit de skonken op 'e tafel en gappet djip. 'Se leit dy briefkes oeral del, of se hinget se op plakken dêr't ik faak kom. Ik wit net wat se dêrmei tinkt te berikken.'

'Nee ... froulju sille op in bepaalde manier altyd in mystearje bliuwe, ek al kenne we harren fan bûten én fan binnen!' Johan bolderet it út, mar Ewald dikeret glêzich foar him út.

'Hasto eins noch wol nocht aan in tosty ... of miskien sels wol twa? Hast dyn appkes eins wol lêzen?'

'Nee,' gappet Ewald. 'Ik bin wurch en ha myn nocht. It wie in lange dei en dy begûn mei in preek fan ús heit. Dat bin ik noch net ferjitten.'

'Gie it wer oer itselde?' freget Johan.

'Ja. Hy fynt ús in pear pystige hynsten dy't de famyljenamme ta skande meitsje. Wat sei er ek alwer? O ja, sekspompen! Sa neamde er ús. Mar doe't ik it oernaam en dy oannommen ha, ha wy fan in âlderwetsk restaurant in hippe klup makke en dêr heart no ien kear in bepaald imago by.'

'Krekt!' ropt Johan striidfeardich. 'Wy ha schwung yn 'e stêd brocht en ha ús klanten wat spesjaals te bieden, benammen